nodoe - jonges- en famkesfreonskippen - f-terside & noch folle mear!!

FAMYLJE & FREONEN

GONZ

fam. Beckham

FERNEAMDE FAMYLJES

De spektakulêre famyljespulshow

nodoe

fam. Smith

YNTERVIEW MEI HILLE STELLINGWERF

SJONGER FAN WHEN WE ARE WILD

fam. Pitt

BOYBANDS ARE BACK

*Jonas Brothers
*One Direction
*Mainstreet
*B-Brave
*The Wanted

Gadgets

DYN EIGEN IPHONE HOESKE

MEITSJE IT LEKKER SELS

RD

Ynhâld

2 Ynhâld en LinKke Saken
Linke nijtsjes foar en oer skoallen
4 Hille Stellingwerf komt hannen tekoart
Ynterview mei sjonger When We Are Wild
6 Ferneamde famyljes
Wrâldferneamde famyljes op in rychje
8 Yn 'e rats
Koart ferhaal
10 LinKke Siden
Nijs oer de stjerren
12 Op jacht nei in medalje yn Sotsji
Sportportret
14 Hieke en Annet dogge mei oan NODOE
De nije spulshow fan Omrop Fryslân
15 Gadgets
De nijste trends foar famylje en freonen
16 Boybands are back!
Binne de jonges famylje of freonen?
18 Jongesfreonskippen en famkesfreonskippen
De ferskillen
19 Alders
Poëzy
20 F-terside
Oer games, apps, muzyk en films

LinKk is in tydskrift foar jongeren, dat yn in skoaljier seis kear ferskynt. It kin as selsstannich blêd lêzen wurde, mar it slút ek oan by de tema's yn de metoade Freemwurk.

Redaksje: Marrit de Schiffart
Cover en yllustraasjes: Annette Andela Illustratie
Opmaak: MPA Stage Support
Druk: SMG Telenga Banda
Korreksjes: Aa-Sep, Events & Text
Redaksje-adres: Cedin/Taalsintrum Frysk
Lavendelheide 21 • 9202 PD Drachten
T 088 0200 300 • E linkk@cedin.nl

Abonnemintspriis 2012-2013:
Losse abonneminten à 6 nûmers: € 13,00
Sjoch foar kollektive abonneminten: www.linkk.tv
Abonneminten op LinKk binne trochrinnende abonneminten. Opsizze foar it takom skoaljier kin foar 1 juny.

Cedin Taalsintrum Frysk

Omrop Fryslân

Hoi LinKk-lêzers,

Wy fan LinKk roppe 2013 no al út ta it jier fan de boybands. Wy witte net hoe't it kin, mar op d' iene of d' oare manier lykje der dit jier út alle hoeken en hernen sjongende jonges te kommen. One Direction, MainStreet, B-Brave, se lûke grôtfolle sealen mei skreauwende fammen. Wy fregen ús ôf oft de bandleden elkoar foar de band al koenen. Wat binne se eins fan elkoar? Famylje, freonen of hiel wat oars? LinKk socht it út, it resultaat fynst op side 16 en 17.

Oft de boys fan de boybands no famylje of freonen fan elkoar binne of net, it tema fan dizze LinKk is yn elk gefal wol 'Famylje en freonen'. Sûnder famylje en freonen kin eins gjinien. Wat soenen wy moatte sûnder âlders, broers, sussen of freonen? Dan soe it libben hiel saai wurde. Wês mar leaf foar se dus! Der binne trouwens ek alderhande gadgets oer of foar famylje of freonen. Untdek se yn ús nije gadgetrubryk op side 15.

Fia de sosjale media bliuwst 24/7 op 'e hichte fan wat der op de LinKk-redaksje spilet. Wurd freon of folgje LinKk. Fine wy leuk! Op Twitter (@linkkmagazine) krijst foarpriuwkes fan it nijste tydskrift, mar lêst ek leuke roddels en gekke weetsjes. Mar foar no earst mar in protte lêswille tawinske mei dit tydskrift!

Marrit de Schiffart

Wa hat de measte folgers op Twitter? Mei oare wurden: wa is yn de digitale wrâld it populêrst? Tsjek it yn de Top 3.

1. **Justin Bieber** *(sa'n 45 miljoen)*
2. **Katy Perry** *(sa'n 43 miljoen)*
3. **Lady Gaga** *(sa'n 40 miljoen)*

In wierheid as in ko
Men moat net mei de noas by oarmans gat komme.
(Je moet je niet bemoeien met zaken die je niet aangaan.)

Frysk op 'e dyk helpst mei?

Der is om ús hinne bêst in soad yn it Frysk te sjen, mar wy fine it soms sa gewoan dat it ús net mear opfalt. Dêrom wolle wy safolle moogik 'Frysk op 'e dyk' sammelje en sjen litte. En dêr hawwe wy dyn help by nedich.

Komst wat tsjin, bygelyks: in buordsje yn in tún, in namme op in gevel, bedriuwen mei in Fryske namme, wurden op in muorre, teksten op buskes, paadwizers...

Meitsje in foto en stjoer him nei ús ta: fryskopedyk@gmail.com. Der wol graach by sette wêr't de foto nommen is en, ast dat wolst, dyn eigen namme.

Op ús Tumblr hawwe wy alfêst wat sammele, sjoch mar ris: http://fryskopedyk.tumblr.com/

Ulbe's Request

Twa dosinten fan de Ulbe van Houten út Sint Anne sille yn desimber in pear dagen yn karantêne. Dat dogge se yn in hûs op it skoalplein, in Ulbe Request hûs. De Biltske ferzje fan it Glêzen Hûs dat yn desimber yn Ljouwert stiet. It is de bedoeling dat de learlingen putsjes betinke foar de dosinten. De dosinten fiere dy putsjes út en fertsjinje dêrmei jild foar Serious Request. Ek de klassen sammelje jild yn mei eigen aksjes. De Ulbe van Houten wol sa graach € 3000,- ophelje foar it goede doel fan Serious Request: it tsjingean fan diarree by bern.

Der binne trouwens folle mear skoallen dy't yn it spier sille foar Serious Request. Ek it Nordwin College, Bogerman, Sevenwolden, Anna Maria van Schurman en Comenius fiere aksje.

Serious 3FM Request Leeuwarden

folgje LinKK magazine online

HELP!

HILLE STELLINGWERF KOMT HANNEN TEKOART

Hast 'm sjoen? De opfallende tweet fan de band When We Are Wild? 'De @Popronde komt eraan en wij hebben jouw hulp nodig! In één van onze liedjes komen we handen tekort.' Moatte wy ús soargen meitsje of giet it just sa goed mei de band fan Hille Stellingwerf dat de jonges op syk binne nei nóch mear bandleden? LinKk socht Hille op om in hantsje te helpen...

Kalm sit er yn in kafee yn Ljouwert. Gjin hip drankje of lúkse café latte, mar gewoan in bakje tee. En nee, hy is hjoed noch net herkend op strjitte. Fan sterallueres is noch neat te fernimmen, wylst Hille mei syn band When We Are Wild dochs flink oan 'e dyk timmeret. De jonges waarden útroppen ta 3FM Serious Talent, Radio 2 Talent en 3voor12's Hollandse Nieuwe van de Maand. Boppedat die Hille foar de simmerfakânsje mei oan De Beste Singer-Songwriter van Nederland. De finale helle er net, mar syn kop mei krullen ken no elkenien.'

It giet lekker hè?

'It giet hiel lekker! Yn maaie kaam ús earste single Scuse Me út. Dêrnei kaam in eksploazje oan reaksjes. Wy gongen echt as in spear, it ferske waard ynienen oeral draaid. Stikem hie 'k dêr fansels fan dreamd, mar dat it sa goed gean soe, wie echt in ferrassing.'

Do hast in aparte stim. Krekt as bist ferkâlden. Is dat dyn geheim?

'Tafallich bin ik no echt ferkâlden, mar ik hear wol faker dat ik in aparte stim ha. It falt mysels net op, mar it skynt in goede sjongstim te wêzen. As lyts jonkje song ik eins noait. Ik bromde allinnich mar as wy muzykles hienen. Fan de juf moast ik my dan stilhâlde. Ha, se soe my no ris hearre moatte!'

Hasto eins in opliedingyn de muzyk folge?

'Nei de middelbere skoalle bin ik nei de Popakademy yn Ljouwert gongen. Mar nei oardel jier hie 'k it dêr wol sa'n bytsje besjoen. Doe bin ik ophâlden mei dy stúdzje. Earlik is earlik: ik hie myn stúdzjepunten ek net allegearre helle hear. Dêrnei ha 'k as skjinmakker de douches en húskes himmele yn ferskate havens yn Fryslân. Allegear om jild te fertsjinjen foar de opnames fan ús single Scuse Me. Want ûndertusken hie 'k al wol de band foarme mei jonges dy't ik op de Popakademy kennen leard hie.'

Sis ris earlik: hast echt gjin lêst fan sterallueres?

Laitsjend: 'No, wy ha ûndertusken al wol ien easke as wy optrede: der moat in Donald Duck yn de klaaikeamer lizze. Mar nee, fierder fiel ik my noch deselde as foarhinne. En de oandacht fan de froulju? Fyn ik wol gesellich, mar ik ha al in skoftke in freondinne, dus mear as gesellich sil it net wurde.'

Hantsje helpe?

Wolsto Hille in hantsje helpe en aanst njonken him op it poadium stean? Opjaan kin fia Facebook, Twitter of stjoer in mailtsje nei info@whenwearewild.nl. Op de webside fan de band stiet presiis watsto dwaan moatst. Ek fynst hjir de list mei optredens.

Do stammerest, makket dy dat wolris ûnwis (onzeker)?

'Stammerjen makket my hiel faak ûnwis. En dat is net handich, want hoe senuweftiger ik wurd, hoe minder ik út myn wurden komme kin. Mar as ik ien kear op it poadium stean, is alles fuort. Hiel apart eins, want dan soest just ekstra senuwen ferwachtsje. Mar ik fiel my dêr thús, foar sa'n grut publyk. Dan giet alles fansels, dus ek it praten.'

Jim sykje noch ekstra help by jim optredens?

'By ús optredens by de Popronde troch hiel Nederlân ha wy foar ús nûmer Ah noch in frijwilliger nedich dy't in akkoard spilet op it keyboard. Elkenien kin it, dus jou dy op soe 'k sizze!'

Tekst: Nynke van der Zee

FERNEAMDE FAMYLJES

Do sjochst se op televyzje, online en yn magazines. Miskien steane se sels wol op in poster dy't op dyn sliepkeamer hinget: bekende famyljes. Der binne genôch celeb-famyljes te betinken. LinKk sette de bekendste famyljes op in rychje.

THE SMITHS

At der ien famylje ferneamd is, dan is it wol de famylje Pinkett - Smith... Net allinnich heit en mem Will en Jada binne wrâldferneamd, ek harren beide bern. Dat koe ek hast net oars, want heit en mem hawwe harren eigen nammen oan de bern jûn. Dochter Willow komt fan Will en de namme fan soan Jaden komt fan Jada. Grappich of raar? Hoe dan ek, dizze famylje sille wy net gau ferjitte.
Will Smith waard bekend as haadrolspiler yn de hilaryske searje The Fresh Prince. Fierder kenne wy him fan grutte films as Men in Black, I Robot, Hitch, Bad Boys en I Am Legend. Will aktearret net allinne, hy kin ek geweldich rappe. Hy brocht ferskillende platen út.
Jada Pinkett - Smith is de frou fan Will. Sy is ek net de earste de bêste. Jada spile yn mear as tweintich films. Wy seagen har ûnder oaren yn The Matrix, The Nutty Professor, Scream en Collateral. Yn de films Madagascar 2 en 3 is se de stim fan de mem fan Gloria.
Jaden Smith spile op 9-jierrige leeftiid de haadrol yn de film The Pursuit of Happiness. De oare haadrol yn dy film waard spile troch syn heit. Oare films fan Jaden binne The Day the Earth Stood Still en The Karate Kid.
Willow Smith liket in soad op har heit. Neist har aktearkarrière sjongt se ek. Se spile yn de films I Am Legend, An American Girl. Krekt lykas har mem die sy ek de stim fan Gloria yn Madagascar, mar dan fan baby Gloria. Willow har grutte sjongsukses kaam mei it nûmer Whip my Hair. Dêrnei brocht se noch ferskillende hits út.

THE BECKHAMS

The Beckham famylje stie jierrenlang yn de spotlights om ferskillende redenen. David Beckham is in grut fuotballer en syn frou Victoria in bekende sjongeres. Doe't dy twa byelkoar kamen, wie it fansels fuort in echt glamourstel. David en Victoria trouden en krigen fjouwer bern. Reden genôch foar de paparazzi om se op de foet te folgjen.
David Beckham is in Ingelske fuotballer. Hy spile foar ferskillende clubs: Manchester United, Real Madrid, Los Angeles Galaxy en Paris Saint Germain. Sûnt dit jier is David mei pensjoen. Hy docht modellewurk as bybaantsje en hat syn eigen klean- en parfumlijn.
Victoria Beckham - Adams is in Britske sjongeres. Se waard wrâldferneamd as

Posh Spice by de Spice Girls. Doe't de girlband ophold, besocht se it as solosjongeres. Dat wie net in grut sukses en dêrom hold se op mei sjongen en gong se de moadewrâld yn. Boppedat stoarte se har ek op it libben as mem.
Brooklyn, Romeo and Cruz binne de soannen fan David en Victoria. Brooklyn kin geweldich fuotbalje. Romeo folget syn mem op yn de pop- en moadewrâld en Cruz is hiel yntelligint.
Harper is de jongste en it iennige famke. Dat wurdt opbokse tsjin sa'n soad broers!

THE PITTS

Dizze húshâlding is sûnder twivel ien fan de ferneamdste famyljes fan Hollywood. Mei seis (!) bern reizgje Brad Pitt en Angelina Jolie de hiele wrâld oer. Se hawwe in bysûnder famyljeferhaal, om't trije bern adoptearre binne en Brad en Angelina tegearre noch trije eigen bern krigen. Dit glamourstel wurdt ek faak 'Brangelina' neamd.
Brad Pitt spile sûnt 1987 yn 51 films en is dêrmei ien fan de meast boekte akteurs fan de wrâld. De lêste jierren spile er yn World War Z, Moneyball, Inglorious Basterds en The Curious Case of Benjamin Button. Brad waard ek útroppen ta de 'Sexiest Man Alive'.
Angelina Jolie is in grut aktrise en wûn trije Golden Globes, twa Screen Actors Guild Awards en in Oscar. Se spile yn films as George Wallace, Gia en Tomb Raider. Tegearre mei har man spile se ek yn de film Mr. & Mrs. Smith. Angelina is meardere kearen útroppen ta de moaiste frou fan de wrâld. Koartlyn hat se har beide boarsten amputearre om't der in grutte kâns wie dat Angelina boarstkanker krije soe. Har mem stoar oan kanker yn 2006.
Maddox, Pax en Zahara binne adoptearre, ***Shiloh, Vivienne en Knox*** binne de biologyske bern fan Brad en Angelina. Yn 2012 waard bekend dat Brad en Angelina trouwe sille!

Tekst: Anna Marije Bloem

Yn ’e rats

Der wie ris in famke. Dat famke hjitte fan Daphne en se hie hiel wat stoms dien. Of dien… Eins hie se wat net dien, want as se it wol dien hie, hie der neat te rêden west. Nee, se hie wat fergetten. En dat foel ûnder de kategory oerstom yn it kwadraat en dan is it noch fierstente sêft útdrukt.

Op in middei kaam Daphne thús fan skoalle. Se stapte de keamer yn dêr’t har heit oan de hege tafel siet te skriuwen.
Se frege: ‘Hee heit, wat docht heit?’
De heit sei: ‘Ik bin in sollisitaasjebrief oan it skriuwen. Ik ha krekt kontakt hân mei in bedriuw dat nei alle gedachten in baan foar my hat. Ik ha mei in man fan dat bedriuw belle. As ik hjoed in brief op ‘e bus doch, nimme se my noch mei yn de sollisitaasjeproseduere. Ik meitsje grutte kâns om útnoege te wurden foar in petear. Dizze baan is foar my, Daphne, ik fiel it gewoan!’
Wat wie nammentlik it gefal, de heit siet al in healjier thús. Hy wie ûntslein om’t it bedriuw dêr’t er foar wurke, fallyt gongen wie. En om in nije baan te finen wie hiel dreech, want dat wêr’t de man foar leard hie, wie net safolle fraach nei. Seker net yn dizze tiid.
It famke seach in man dy’t se yn wiken net sa blier sjoen hie. It famke wie bliid foar de heit. En foar harsels, want in heit dy’t de hiele dei thús siet, is ferskriklik yrritant.
‘O, wat geweldich,’ sei Daphne. ‘Ik moat aanst noch nei de byb, sil ik de brief meinimme en op ‘e bus dwaan?’
Doe’t it famke fuortgong, skode se de brief tusken de boeken dy’t se ynleverje moast by de byb.
De heit sei: ‘Net ferjitte de brief op ‘e bus te dwaan, hear. Myn takomst leit yn dyn hannen!’
‘Neehee, komt goed’, andere se kattich.

It famke fytste op har deade gemakje mei ien earke (gjin twa!) fan har iPhone yn, doe’t se in whatsappke fan har freondinne Anna krige. It berjochtsje wie net sa lang: Kom gau. J is der! Daphne antwurde eefkes fluch: Earst nei byb. Kom sgam*.

Se fytste as in raket nei de byb, lei dêr de steapel boeken op ‘e tafel, drukte op de touchscreen fan it ynname-apparaat en skode de boeken handich yn ien kear troch de klep fan de opfangbak. Hoppa, gau nei Anna. Plat op it stjoer koerste se nei de Lavendelheide 21 ta.
De hiele famylje, ynklusyf besite, siet yn de tún te kofjedrinken.
Daphne skode oan en knypeage eefkes nei Anna.
‘Hee Daphne, wat leuk datst der ek eefkes bist’, sei neef Jochem en hy kaam daliks neist Daphne sitten. Daphne smolt, wat hie se hjir lang nei útsjoen. Foarich jier yn ’e simmerfakânsje hie Jochem útfanhûze by Anna-en-dy. Se wienen mei harren allen in pear kear nei it strân ta west. Jochem en sy hienen it hiel gesellich hân. Se wienen net byelkoar wei te slaan.
No wie er der wer en it gefoel fan doe wie fuortendaliks wer werom. Daphne en Jochem hienen mekoar in protte te fertellen. Se bleau jûns ek noch te iten by de famylje Wijma. Doe’t Jochem-en-dy om in oere as acht wer ôfsetten, fytste Daphne wer nei hûs.

Jûns op bêd seach it famke werom op in moaie dei. Se beseach de foto’s dy’t se makke hie. Wat is dy jonge dochs knap. Se whatsappte him noch in lêste kear: lekker koese! Mei de mobyl yn ‘e hân joech se har del.
It wie ien oere doe’t se wekker waard. Se fielde har ûnrêstich, mar koe net thúsbringe wêr’t it fan kaam. Se slommere in hoartsje en sliepte wer fierder. Om healwei trijen waard se wer wekker. Der wie wat dat net doogde, mar wat? Se draaide har op ‘e búk, mar it nuvere gefoel yn ‘e mage ferdwûn net. Fjouwer oere siet se rjochtop yn ‘t bêd. De brief!!!! Dat wie it! Se hie fergeaten de brief fan har heit op ‘e bus te dwaan. Dy lei tusken de boeken yn de opfangbak fan de byb. It swit bruts har oan alle kanten út. Dit wie in ramp. Se hie wolris heard dat der âlders wienen dy’t harren bern fergetten om út in smoarhjitte auto te heljen of fan leararen dy’t de tas mei eksamens yn de trein stean litten hienen. Dit wie like ûnnoazel. De triennen prikten yn har eagen. Dit wie echt net leuk! Hoe moast se dit yn ‘e goedichheid oan har heit fertelle? Soe der noch in mooglikheid wêze om de brief moarn op te heljen? As de byb no moarn mar net ticht wie. Wie dizze ramp te kearen?

Fan sliepen kaam net folle mear. Doe’t it ljocht waard, klaaide se har oan en rûn nei ûnderen ta. Dêr gong se oan de hege tafel yn de keamer sitten te skriuwen yn har deiboek.
En wolst witte hoe’t ik dit allegearre wit?
Dat famke dat bin ik.

Lestige wurden

blier = blij
andere = antwoordde
útfanhûze = gelogeerd
fuortendaliks = onmiddelijk
ôfsetten = weg gingen
slommere = sluimerde
hoartsje = tijdje
yn ‘e goedichheid = in vredesnaam

***sgam** = sa gau as mooglik

Tekst: Ans Wallinga

Armin van Buuren eareboarger

De bêste DJ's fan 'e wrâld komme út Nederlân Om ris in pear artysten op in rychje te setten: Tiësto, Armin van Buuren, Hardwell, Afrojack, Nicky Romero, Fedde Le Grand. Allegear mannen út ús kâlde kikkertslantsje. Armin van Buuren is wol in hiele bysûndere DJ, om't er ek in soad foar Nederlân docht. Sa spile er bygelyks by de ynhuldiging foar kening Willem Alexander, syn Máxima en it hiele lân. Armin joech alle jierren al fergese konserten op Keninginnedei.

Yn 2011 helle er it Glêzen Hûs nei Leiden, syn bertestêd. De gemeente fan Leiden is hiel bliid mei de DJ. Sels sa bliid dat Armin in ûnderskieding krige foar syn positive bydrage oan de byldfoarming fan de stêd. De boargemaster fan Leiden joech Armin de Leidske Earepenning. De DJ draacht no de titels 'Ambassadeur fan Leiden' en 'Eareboarger fan Leiden'. Wa wit komt dêr meikoarten noch in fette titel by: Armin van Buuren is nominearre foar in MTV European Music Award!

De presidint fan de pop nei Nederlân

De presidint fan de Pop, Justin Timberlake, kundiget oan dat syn toer nei Europa komt. En dat betsjut dat er ek nei Nederlân komt! Oh yeah! De toer hjit The 20/20 Experience World Tour. Op 18 april stiet Justin dus op it poadium yn it Gelredome yn Arnhem! Justin Timberlake mei mei rjocht 'the president of pop' neamd wurde, want hy hat sawol in Emmy as in Grammy Award op syn namme stean. It wurdsje sukses stiet al syn hiele libben op syn foarholle. Yn 1993 kaam hy as lyts jonkje by The Mickey Mouse Club mei Britney Spears, Christina Aguilera en JC Chasez.

JC Chasez en Justin besleaten om tegearre in boyband op te rjochtsjen. *NSYNC waard wrâldferneamd. Nei it tredde album gie Justin foar in solokarrière. Dêrmei krige hy noch mear sukses. De nûmer 1 hits kamen achterelkoar út: Like I love you, Cry me a River, Rock your Body, Senorita, Sexy Back, What goes Around... Comes Around ensafuorthinne. Sân jier lyn naam er in break. Hy woe genietsje fan it libben en de tiid nimme foar nije ideeën.

Op 10 jannewaris kaam in countdown mei it boadskip: I AM READY. En hy is der klear foar: in nij album, nije superhits en in wrâldtoer. Welcome back, mister Timberlake!

Gouden Macklemore

White Walls is de nije fette hit fan Macklemore en Ryan Lewis. Eins alles wat Macklemore oanrekket, feroaret yn goud. Wat is it dochs, dat dizze blanke rapper sa suksesfol makket? Ben Haggerty waard berne op 19 juny 1983 yn Seattle. Ben komt net út in muzikale famylje, mar syn famylje stie wol altyd achter him. Doe't Ben seis jier wie, kaam hy foar it earst yn kontakt mei hiphop. Doe't hy fjirtjin wie, begûn hy mei it skriuwen fan teksten.

Yn 2000 brocht er in EP út, Open your Eyes, dy't er sels fersprate. The Language of my World kaam út yn 2005. Yn 2010 ferskynde The unplanned Mixtape. Mar Macklemore waard pas echt bekend doe't hy it ferske Otherside útbrocht. Hjiryn sjongt Macklemore oer syn ûnderfiningen (ervaringen) mei drugsgebrûk. Syn nûmers dy't oer it echte libben gean, stean foar syn grutte sukses. Mei Same Love rekke er in grut publyk yn it hert. It nûmer giet oer twa jonges dy't fereale op elkoar binne. Syn klips binne prachtige koarte films. Sjen dus!

Riri untfierd troch aliens?

Grutte artysten ferlieze yn alle madness de realiteit wolris út eagen. Dat bewize de stjerren kear op kear mei allegearre gekke aksjes. Sa sit de leave Hannah Montana no yn har bleate kont en punkkapsel op in sloopkûgel en rint Lindsay Lohan ôfkickkliniken yn en út. Ronaldo sloech mei syn Ferrari oer de kop en Britney Spears skearde samar ynienen har holle keal...

Wy kinne no wer in nije stjer op dat listke sette: Rihanna is der fan oertsjûge dat der meikoarten aliens op ierde komme sille. O neee!!!! De sjongeres hat dêrom in UFO-ekspert útnoege om har alle dagen updates te jaan oer it bûtenierdske libben. De ekspert jout ynformaasje oer tekens en oanwizingen út de romte. De man sit yn in skyscanner yn Nevada. Dêr sitte meardere UFO-eksperts. It soe in goed plak wêze om kontakt te meitsjen mei bûtenierdsk libben. Rihanna har heit hie eartiids ek al ynteresse yn aliens, se hat it dus net fan frjemd. Aanst wurdt ús Riri noch ûntfierd troch in UFO en nimme de aliens har mei nei in oare planeet... Haha!

Tekst: Anna Marije Bloem

Op jacht nei in medalje yn Sotsji

By de Olympyske Spelen yn Sotsji sille alle eagen rjochte wêze op langebaanrider Sven Kramer. Mar ek Sjinkie Knegt (24) út Bantegea is in reële medaljekandidaat. De shorttracker waard yn 2012 Europeesk kampioen en is no dus op jacht nei in Olympyske titel.

It Olympysk seizoen fan de fanatike reedrider begûn mei in falske start. By it squatten, in krêftoefening dy't er by de training al hûnderten kearen dien hat, gong it ferkeard. Sjinkie fielde dat der wat skuorde yn syn knibbel. In operaasje oan de meniskus wie it gefolch. Dêrtroch miste hy de earste twa wrâldbekerwedstriden yn Azië. Undertusken stiet er gelokkich wer op it iis. En sûnt koart traint er ek wer mei de Nederlânske seleksje. 'Ik shorttrack gewoan wer, mar de knibbel is noch wol wat ynstabyl. Ik moat it goede gefoel noch wer weromfine. Dat is hiel belangryk. Foaral mei it each op de Olympyske Spelen.'

Hege snelheid

Sjinkie Knegt begûn as 9-jierrich jonkje te reedriden. Nei't er oan it skoalreedriden meidien hie, fûn er it sa moai dat er ek echt lid fan in feriening waard. 'Myn freontsjes gongen ek op reedriden en dus woe ik der ek graach by. Der waard my al frij gau frege oft ik shorttrack ris besykje woe. Dat fûn ik fuort hartstikke leuk.' De trainer dy't him eartiids trainde, komt Sjinkie aanst yn Sotsji fêst wer tsjin, want Kosta Poltavets is no bûnscoach fan de Russyske langebaanreedriders. 'Kosta hat hiel belangryk foar my west. By shorttrack giest nammentlik mei in hiele hege snelheid troch de bochten en dêrfoar moatst de goede technyk hawwe. Kosta hat my dy technyk bybrocht.'



Nochtere Fries?

Ek taktyk spilet in grutte rol by shorttrack. En do moatst mentaal sterk wêze. Foar in wedstriid kinst bygelyks net al te senuwachtich wêze. Do riidst nammentlik net tsjin de klok, mar tsjin tsjinstanners. Sjinkie stiet bekend as in nochtere Fries. Mar is hy wol sa nochter as se tinke? 'Jawis wol. Ik ha alles altyd aardich ûnder kontrôle. Ik wit wat ik dwaan moat. Eins is it allegearre automatisme, want ik doch it al sa lang.' Hy stiet regelmjittich mei riders oan 'e start dy't hiel senuwachtich binne. 'Dêr ha ik hast noait lêst fan en dat is fansels wol in foardiel.'

Olympyske dream

In trainingswike fan in shorttracker is hiel yntinsyf. Sjinkie traint seis dagen yn 'e wike. Hy traint dan twa kear deis: 'Moarns fan 8.00 oant 12.00 oere en middeis fan 15.00 oant 18.00 oere. It binne eins krekt gewoane wurkdagen', fynt Sjinkie. Hy docht it allegearre foar syn Olympyske dream. Dy hie er as lyts jonkje al. 'Ik mocht ek al hiel gau nei de Olympyske Spelen ta. Yn 2010 yn Vancouver die ik al mei, mar doe gong ik noch net echt foar de prizen.' No steane de shorttrackers der oars foar. Foaral it Nederlânske relayteam hat de mooglikheid om in medalje te winnen. 'Dêr leauwe wy allegear yn. Fierder tink ik dat ik op alle ôfstannen kâns ha op in medalje, dêr gean ik gewoan foar!'

Fokus

Sjinkie Knegt hat syn sport lang kombinearje kinnen mei skoalle, mar dat kin no net mear. 'Ik fokus my no foar hûndert prosint op shorttrack.' Dat betsjut trouwens net dat der gjin romte is foar oare dingen. 'Ik wenje noch by myn âlders thús en dêr ha ik in hiele soad ôflieding.' Op dy wize bliuwt it ek leuk, neffens him. 'Ik ha altyd in soad nocht oan de trainingen. Ek doe't ik blessearre wie.' Dat is ek syn advys oan bern dy't oan sport dogge. 'Soargje derfoar datst altyd in protte wille hast. As dat net sa is, is it hiel lestich om echt goed te wurden yn dyn sport.'

Tekst: Bianca Beemer, byld: Martin de Jong

HIEKE EN ANNET DOGGE MEI OAN NODOE

Yn de spektakulêre famyljespulshow NODOE stride elke ôflevering twa teams tsjin elkoar. Yn meardere musea sille sy sykje nei it ferline fan Fryslân. Watfoar team bliuwt it langst oerein en wint dit spannende spul?

Alle teams besteane út trije generaasjes: in pake of beppe, in heit of mem en in jongere tusken de 10 en 14 jier âld. Elke ôflevering bestiet út fjouwer rondes.

Yn de earste ronde spylje Hieke en Annet in spektakulêr en spannend spul. Dêrnei sjogge wy wat de pakes en beppes opstutsen hawwe fan de rûnlieding en yn ronde trije sille heit en mem op ûndersyk troch it museum. De finaleronde is in team-estafette. Hjirby moatte de teams gearwurkje en alle opdiene kennis en feardichheden ynsette om te winnen.

De twadde ôflevering waard spile yn Museum Martena yn Frjentsjer. Hjir naam de famylje Van der Veen it op tsjin de famylje Pool-Bouma.

Profyl team read:
Famylje Van der Veen

Hieke van der Veen (13) komt fan De Lemmer. Har heit Romke is hiel fanatyk, hy hat alris earder meidien oan in televyzjeprogramma en lei der doe al gau út. Hy sil der alles oan dwaan om dat no te foarkommen, want dit sil net wer barre, dochs? En dus sille Hieke en har beppe Bettie de rêst bewarje moatte, sadat se as team de goede dingen dogge. Gelokkich is Hieke cool en relaxed. Se harket in soad nei muzyk en chilled graach mei har freondinnen.

Profyl team blau:
Famylje Pool-Bouma

Annet Bouma (11) fan Surhuzum docht tegearre mei har mem Lutske en pake Tseard mei oan NODOE. Se docht oan streetdance en kuorbal en is hiel sportyf. Se set dan fêst ek in goede tiid del yn Museum Martena. Mar hoe bringe har teamleden it derfan ôf?

NODOE is elke sneontejûn te sjen op Omrop Fryslân.

Tekst: Fokke Jagersma, byld: Ismael Lotz

GADGETS famylje & freonen

PIMP DYN FOTO

Kensto de *Rhonna Designs* App al? Nee? Gau downloade dan! Mei dizze superleuke app kinst foto's bewurkje mei hippe designs. Sa makkest dyn favorite foto's binnen no time noch moaier. Do kinst bygelyks leuke plaatsjes en fersieringen op dyn foto plakke, gekke kwotes derby sette of gewoan dyn eigen teksten skriuwe en derop plakke. Hast leuke printsjes útkeazen, dan kinst ek nochris hiel maklik de kleur, grutte en foarm oanpasse. Smyt der noch in filterke oerhinne en voilà! Foto? Keunstwurk silst bedoele!

Wat hast nedich:
- Transparant telefoanhoeske
- Papier
- Printer
- Skjirre

DOCH IT LEKKER SELS!

Dyn eigen iPhone hoeske meitsje sadat dy hielendal by dyn outfit of state of mind past, hoe leuk is dat! Op *lotsoflof.nl* kinst sets krije dêr't wol fiif ferskillende hoeskes foar dyn iPhone 4, 4s of 5 yn sitte. Sa kinst alle dagen in oare moaie print of fleurige kleur kieze. Mar bisto ek wol in bytsje kreatyf? Dan makkest gewoan sels noch mear designs! Set dyn eigen ûntwerp op papier of printsje in moai plaatsje of leuke foto út, knip dy op maat en do hast dyn eigenmakke iPhone case.

Bff ynfolboek

Diele do en dyn freondinne alles? Dan is dit echt wat foar jim! It 'bêste freondinnen foar altyd' ynfolboek stiet grôtfol mei leuke opdrachten, fragelisten en kwissen dy'tst tegearre ynfolje kinst. Tekenje elkoars portret, plak grappige foto's yn, betink artystenammen foar elkoar en noch folle mear. Sa learst elkoar net allinne better kennen, mar hast ek nochris in hiel soad wille! Hartstikke leuk as jierdeikadootsje foar dyn bff, of om gewoan lekker sels te bewarjen.

Kamera, set... hadouken!

Wy binne noch drok oan it planken, Harlem shaken en twerken, mar der is alwer in nije hype op komst: *hadoukening*. Eh... wat? Ja, echt wier! *Hadoukening*. Lestich om út te sprekken, mar wol hiel leuk om te dwaan. Dizze ynternet trend is betocht troch Japanske learlingen. Sy fûnen it machtich om de hadouken - in spesjale oanfal út de Street Fighter games - op alderhande ferskillende manieren nei te dwaan en dêr foto's fan te meitsjen. Hadouken betsjut soksawat as stroomstjit of enerzjyklap. By hadoukening nimt ien persoan in stoere hâlding oan sadat it liket dat de enerzjy dy't frij komt elkenien deromhinne fuortslingeret. De keunst dêrby is fansels om op presiis it goede momint in aksjefoto te meitsjen. Besykje it sels mar ris mei dyn freonen. Kamera, set... hadouken!

LEGER LOOK

Do bist fan 't winter hielendal hip mei stoere legerprinten. In pear biker learzens derby oan en do bist klear foar de striid!

Tekst en byld: Elma de Jonge

Boybands are back!

Massahystery yn Nederlân: 2013 is it jier fan de boybands. De jonges fan bygelyks One Direction en MainStreet lûke grôtfolle sealen mei skreauwende fammen. Wat binne op it stuit populêre nammen yn boyband-lân? En… wat binne de bandleden eins fan elkoar? Famylje of freonen?

One Direction Harry, Liam, Zayn, Niall en Louis jouwe har yn 2010 yndividueel op foar de Britske edysje fan X Factor. Se meie allegearre net troch yn de kategory 'Jonges', mar wurde mei harren fiven as band yn de kategory 'Groep' pleatst. Simon Cowell is harren coach. Se neame harsels One Direction en se wurde úteinlik tredde yn de talintejacht. Dêrnei giet it hurd. One Direction groeit út ta de populêrste boyband fan dit momint. De jonges kenne elkoar dus noch net sa lang, se learden elkoar pas kennen by it X Factor aventoer yn 2010.

B-Brave Ek de jonges fan B-Brave binne bekend fan de talinteshow X Factor. Flak foar de simmerfakânsje helje se de finale, mar dêr wurde se as earste nei hûs stjoerd. Dat hindert neat, want se hawwe al in hiele bult fans (braviours) opboud. Kaj, Cassius, Dioni, Sam en Jai binne al in skoftke freonen. Se kenne elkoar fia de musicals dêr't se alle fiif yn spile hawwe en fia de dûnsskoalle. Sam en Cassius wiene ek nochris skoalfreonen.

The Wanted De boys fan The Wanted wurde yn 2009 byelkoar brocht troch Jayne Collins. Dêrfoar kenne se elkoar noch net. Dochs wurdt de Ingelske boyband al gau hiel bekend. Harren debútsingle All Time Low komt yn augustus 2010 direkt op it earste plak yn de UK Singles Chart. De jonges wenje meielkoar yn in hûs yn Londen. The Wanted bestiet út Max, Siva, Jay, Tom en Nathan.



MainStreet Rein, Nils, Owen en Daan leare elkoar kennen yn 2011 by The Voice Kids as se dêr allegearre yn harren ientsje audysje dogge. Se meie net troch nei de Blind Auditions, mar de boys kinne it sa goed mei-inoar fine dat se beslute om kontakt te hâlden en as groep fierder te gean. Alle wiken oefenje se by Nils thús. Yn 2012 berikt MainStreet de finale fan it Nationaal Junior Songfestival. Yn dy finale wurde se tredde. Binnen in jier wurdt MainStreet super populêr. Se hawwe no in enoarm soad (famkes)fans, dy't harsels 'Mainiacs' neame. Rein, Nils, Owen en Daan binne dus net famylje fan elkoar, se binne ûndertusken wol hiele goede freonen!

Jonas Brothers De jonges fan de Jonas Brothers binne famylje fan elkoar. Sa't harren bandnamme al seit: it binne broers. Nick, Joe en Kevin wenje yn Amearika. It hat efkes duorre foardat de Jonas Brothers echt bekend waarden. Dat wie yn 2007 doe't harren twadde album útkaam. Doe't de jonges dêrnei ek te sjen wienen yn searjes en films fan Disney, waarden se pas echt populêr. Famkes oer de hiele wrâld waarden spontaan ferlyfd op de boys. Ynkoarten ferskynt it nije album fan de Jonas Brothers: V.

Tekst: Marrit de Schiffart

Famkes binne klef mei freondinnen, fine jonges. Jonges hawwe gjin echte freonen, fine famkes. Kloppet dat? Jongesfreonskippen binne yndied oars as famkesfreonskippen, blykt út ûndersyk. Se reagearje bygelyks hiel oars as se spul (rûzje) hawwe.

Jongesfreonskippen & famkesfreonskippen

Freonskip is sawol foar jonges as foar famkes hiel belangryk. Neffens ûndersyk is it sá belangryk, dat jongeren sûnder goede freonskippen faak bang en depressyf binne. Dit jildt mear foar famkes as foar jonges, mar allebeide binne se fleuriger as se it gefoel hawwe dat se goede freonen hawwe.

Jonges ha mear freonen

Wat it grutste ferskil is tusken jongesfreonskippen en famkesfreonskippen? Jonges ha folle mear freonen. Sy hawwe in grutter netwurk oan freonen. Famkes lûke just hiel folle op mei in pear freondinnen. Famkesfreonskippen binne dus folle yntimer. Sy prate ek folle faker oer harren problemen. Famkes hawwe geregeld djippe petearen (gesprekken). Jonges dogge leaver wat meielkoar, fuotbalje of nei de bioskoop bygelyks.

Jonges mei famkes

Freonskippen tusken jonges en famkes binne frij seldsum yn de puberteit. Hast alle ûndersiken toane oan dat dit hast net foarkomt. As jongeren âlder wurde, is in freonskip mei immen fan it oare geslacht gewoaner. Dan komt it ek folle faker foar.

Jonges

- Hawwe in protte freonen.
- Dogge mear mei in freon.
- Beëinigje by rûzje de freonskip faker.
- Reitsje by rûzje faker slaande deilis (gaan op de vuist).

Famkes

- Hawwe ien of in pear bêste freondinnen.
- Prate mear mei in freondinne.
- Sykje by rûzje tegearre nei in oplossing (mar dat duorret wol lang).
- Negearje elkoar by rûzje en rabje (roddelen) oer elkoar.

Tekst: Marrit de Schiffart

Alders

Us heit en ús mem,
se binn' sa oars as ik,
ik kin my net yn har fine,
soe soms it leafste ferdwine.
Wa hat hjir no in tik?

Se miene it goed,
se mei't ek net hearre
mar soms dat
ûnheimlich gefoel,
sa ûnbegrepen en sa koel.
Bin 'k faaks
adoptearre?

As ik dat sis, ha 'k daliks spyt,
want, ik wol se dochs ek net kwyt.

Auck Peanstra

Yllustraasje: Lilo

E-teyside

iPad 7:33 PM 83%

Druppel: gigahandige app

Foarhinne brûkten wy allegearre Buienradar om te sjen oft it ek reine soe. Mar op Buienradar stiet in hiele protte ynformaasje. Tefolle. Wy wolle ommers mar ien ding witte: sil it reine? Dêrfoar is de superhandige en simpele app *Druppel*. Do iepenest de app en dan kinne der trije dingen stean: it reint, it sil reine oer ... minuten of it bliuwt droech. Ek handich: de app is blau as it reint en giel as it droech bliuwt. Ek mei de kleuren kinst it waar ôflêze dus. En o ja, ek net ûnbelangryk: de app is fergees!

Nick en Simon komme mei krystalbum

Asto dit lêst, is it krekt wol of krekt noch net te keap: it krystalbum fan Nick en Simon. De twa Volendammers komme nammentlik mei in nije plaat dy't hielendal fol stiet mei krystferskes. De plaat hjit: *Christmas with... Nick & Simon*. De jonges sjonge harren krystnûmers trouwens net yn it Nederlânsk, mar yn it Ingelsk. Hiel ûnferwachts dus. De plaat waard fan 't simmer al opnommen. Nick en Simon stiene dus yn koarte broek te sjongen oer 'mistletoes' en 'sleigh rides'. Grappich! Trouwens, de boys songen ek de soundtrack fan de krystfilm *Midden in de Winternacht* yn. It wurdt dus echt in kryst mei Nick en Simon.



Is it echt? Of in game?

Folgend jier komt der in 'virtual reality loopband' út. Dat is in soarte fan 360 graden bân dêr't gamers op rinne. Sa krije se dus it gefoel dat se yn it spultsje rinne. By de bân heart ek noch in 'virtual reality bril'. Dy bril soarget derfoar dat gamers noch mear it idee hawwe dat de game-wrâld om harren hinne echt is. Se sizze dat it apparaat yn jannewaris 2014 kocht wurde kin en dat it sa'n trijehûndert euro kostje sil. Ien ding is wis: as gamers op sa'n bân rinne, kin teminsten gjinien mear sizze dat gamers lui binne!

In slak mei turbospeed



Altyd leuk, in nije animaasjefilm yn de bios. De film hjit *Turbo* en giet ek oer Turbo. Turbo hat in dream: hy wol de bêste koereur fan 'e wrâld wurde. Mar hy is in slak... en libbet dus yn slow motion. In bizar ûngelok soarget derfoar dat hy bliksemse fluch wurdt. Mei syn turbospeed belibbet er in spannend aventoer. Grutte fraach is oft er de autorace Indy 500 winne kin. As slak... hilarysk dus! *Turbo* is in 3D-film en draait no yn de bioskoop. Net ferkeard!

The Wanted op besite

Wauw! The Wanted komt nei Nederlân! Op 21 febrewaris jout de boyband in konsert yn de Heineken Music Hall. De show hjit de *Word of Mouth World Tour* en past by it nije album fan The Wanted. Dat album komt yn novimber út en hjit ek *Word of Mouth*. The Wanted is bekend fan nûmers as *Glad You Came* en *Walks Like Rihanna*. 'Wy sjogge der nei út om wer te toeren', reagearret sjonger Max George. 'Wy kinne hast net wachtsje!' No, wy ek net!

Tekst: Marrit de Schiffart